



**IT DINEETSJE**  
**(The Dinner Party)**

**Komeedzje**

**fan**

**NEIL SIMON**

**oersetting**

**Tryntsje van der Zee**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT DINEETSJE – THE DINNER PARTY** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2000, 2002 by NEIL SIMON, ELLEN SIMON and NANCY SIMON**

**Copyright Frisian translation: © 2004 NEIL SIMON**

**Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSONAAZJES:**

FRANÇOIS PICHON

ALBERT DONAY

ANDRÉ BOUVILLE

MARIETTE LEVIEUX

YVONNE FOUCHET

GABRIELLE BUONOCCELLI

## **DEKOR:**

**In privee ytsealtsje yn in earste klas restaurant hjoed de dei.**

*Links op it toaniel in foar seis minsken klearmakke tafel. Rjochts tsjin de muorre in lange tafel foar de betsjinning mei û.o. skalen mei buorrelhapkes en flessen sjampanje yn kuollers; ien flesse is iepen. Rjochts-foar in bank sûnder rêchleuning. Sawol de romte as de ynrjochting is fan in smaakfolle alluere.*

Midden-achter dûbele doarren; links-foar in smellere doar.

As it doek opgiet is de ytseal leech. François Pichon, begjin fjirtich, yn smoking, komt midden-achter op, sjocht om him hinne, fielt him wat ferlern. Sjocht op 't horloazje, dan nei de klearmakke tafel, priuwt wat fan de hapkes en skinkt him in glês sjampanje yn. Likegoed sjocht er der noch wat ferlern út. Even letter komt Albert Donay – sawat like âld en ek yn smoking – midden-achter op.

ALBERT: Jûn. Moat ik hjir wêze? It diner fan de Gerards?

FRANÇOIS: Ja. Teminsten, dat tink ik. Ik bin de earste. (*Albert komt der yn en docht de doar ticht*)

ALBERT: Albert Donay

FRANÇOIS: François Pichon. (*se jouwe mekoar de hân. Albert krimpt yn mekoar fan pine, lûkt de hân werom en skoddet dermei om de pine kwyt te reitsjen*)

ALBERT: AU!!! ... Oe-oe-oe.

FRANÇOIS: Sorry. Is dat myn skuld?

ALBERT: Nee. Mynt. Finger beknypt by 't omdwaan fan de strik.

FRANÇOIS: Ja, dy propellers binn' in ramp. Hast it sels foar mekoar krige?

ALBERT: Nee. 't Is ús heit synt. Dy hat 'em strikt. En doe moast ik de finger op 'e knoop hâlde. (*hâldt syn finger tsjin de kiel*) Moai hjir, hè?

FRANÇOIS: Ja, wat wolst... 't Ferneamdste restaurant fan 't hiele lân. Alle mooglike pommeranten ha hjir byienkomsten hân. En it skynt dat it ek noch it leafdesnestje west hat fan Napoleon. Dan kaam er der stikem yn troch dy doar. (*wiist nei de smelle doar*)

ALBERT: O ja? Handich. Sokke ôfspraakjes yn in restaurant.

FRANÇOIS: Ik... tink net dat it doe al in restaurant wie.

ALBERT: O nee? Wa wit. Ik bin hjir net sa bekend. Kom hjir eins noait.

FRANÇOIS: O nee, hè.

ALBERT: Wa komme der jûn allegear?

FRANÇOIS: Gjin idee.

ALBERT: Ik ek net. Bisto eh... allinne?

FRANÇOIS: Allinne? Ja.

ALBERT: Ik tocht... miskien dat dyn frou...

FRANÇOIS: Nee. Nee, ik bin net troud.

ALBERT: Mar do hast wol in trouwing om.

FRANÇOIS: Dy kin ôf. (*docht dat*) Hinget der fan ôf oft je beskikber wêze wolle of net. (*skoot de ring hinne en wer om 'e finger*) En dat beslute je pas as je witte wa't de tafeldame is.

ALBERT: Handich.

FRANÇOIS: As je faak nei ditsoarte itentsjes geane fleane de trouw-

ringen ôf en om. Do hast gjin. Frijgesel?

ALBERT: Ja.

FRANÇOIS: Noait troud west?

ALBERT: Twa kear... Mei deselde frou.

FRANÇOIS: Tsjong. Dus twa kear mislearre.

ALBERT: No... de earste kear wie blykber better as de twadde... oars hien' we 't net **noch** 'es besocht.

FRANÇOIS: Sit wat yn. (*François nipt sjampanje wylst Albert nei de tafel rint en him ynskinkt*) Witsto eins wêrom't we hjir binne?

ALBERT: Gjin idee. Ik hope datsto dat wist.

FRANÇOIS: Nee. Allinne dat Paul ús útnoege hat.

ALBERT: Paul?

FRANÇOIS: Paul Gerard, de advokaat.

ALBERT: O ja, fansels... Paul. It stie al wiken yn myn aginda en myn sekretaresse sei it fan 'e moarn noch. Se skreau adres en tiid op, mar gjin namme. Gie der fan út seker dat ik wist dat it Paul wie.

FRANÇOIS: Dus, do hast it drok.

ALBERT: Ik net... myn sekretaresse wol.

FRANÇOIS: Mei ik freegje watst dochst?

ALBERT: Ik sit yn de auto-brânzje.

FRANÇOIS: Soa? Hokker merk?

ALBERT: Nee. Ferhierderij.

FRANÇOIS: Tsjong... Ynteressante job?

ALBERT: Och hea nee. Stomferfelend. 't Is de saak fan ús heit... Eins bin ik skilder. Ik ha op 'e akademy sitten.

FRANÇOIS: Gôh! Wat is dyn styl?

ALBERT: Auto's foaral. Mar dan abstrakt. Och ja, modellen genôch, hiele parkearterreinen fol. En dy posearje gratis. Ik ha gjin atelier noadich.

FRANÇOIS: Abstrakte auto's. Is dêr in merk foar?

ALBERT: No nee, net echt... Minsken komme de saak binnen om in auto te hieren, net om in skilderij te keapjen. Ik ha noch in skoftke besocht myn skilderijen **ek** te ferhieren, mar dat wurke net.

FRANÇOIS: Hâldst fan Chardin?

ALBERT: Jawol, mar net foar 't iten.

FRANÇOIS: Ik bedoel: Jean Baptiste Chardin. De skilder. Santjinde ieu.

ALBERT: O... dy... Jou my mar in Picasso... in Citroën Picasso dan hê. En as de klant it wol skilderje ik syn namme der op.

FRANÇOIS: Snoad betocht.

ALBERT: *En, wat dochsto foar de kost?*

FRANÇOIS: Ik ha in winkel. In antikwariaat. Yn haadsaak klassiken.

Earste útjeften... Victor Hugo, Emile Zola, Carles Dickens.

ALBERT: Bofkont! Datst alle dagen mei dat soarte minsken omgean meist...

FRANÇOIS: No, ik sjoch se komselden by my yn 'e winkel.

ALBERT: Hast se **altyd** om dy hinne. Nacht en dei... hoechst allinne mar te wachtsjen oant ien se iepen slacht. Hast wol 'es persoanlike brieven fûn, fan ferneamde minsken of sa?

*FRANÇOIS: No, ik ha wol in brief fan Albert Einstein oan in nicht yn Eastenryk.*

ALBERT: Wie Einstein dan homo?

FRANÇOIS: Lit mar... *(sjocht om him hinne)* Ik freegje my ôf wêr't de oaren bliuwe... 't Is hjoed toch de santjinde?

ALBERT: *(sjocht mei hast tichtknypte eagen op syn horloazje)* Soe bêst kinne. Dy datum is sá lyts, je ha der gewoan in fergrutglês by noadich. En op 'e wizerplaat stean ek al gjin sifers. Mar ja, dat is de trend tsjinwurdich hê? *(lit it oan François sjen)*

FRANÇOIS: Wêrom hâldst der dan sa'n ding op nei?

ALBERT: 't Wie yn de útferkeap.

FRANÇOIS: O just. Safolle prosint koarting... Soest mei dyn skilderijen ek 'es besykje kinne.

ALBERT: Ha 'k dien. Seis listen ferkocht. Gjine inkel skilderij... Bisto altyd sa krekt op 'e tiid? Ast nei sa'n itentsje moast?

*FRANÇOIS: Ik wie net krekt op 'e tiid. Ik wie te **betiid**. Do wiest krekt op 'e tiid.*

ALBERT: No, toe dan mar... Soene der in protte minsken komme, tinkst?

FRANÇOIS: Dat liket my net. Der is mar op seis rekkene. *(knikt nei de tafel)*

ALBERT: Jout Paul altyd fan dy lytse party's?

FRANÇOIS: Ik ha noch noait op ien fan syn party's west.

ALBERT: Ik ek net. Ik gean net sa faak út. Nachts skilderje ik meastal.

FRANÇOIS: Fansels... Al dy auto's... skilderest ek wol 'es minsken?

ALBERT: Allinne at se yn 'e auto sitte.

FRANÇOIS: Uteraard. Dat is... mear dyn styl sis mar. Dus do **kenst** Paul eins net iens sa goed.

ALBERT: Hy hat myn echtskieding regele.

FRANÇOIS: O ja? Dy fan my ek... Hat er in protte oan dy fertsjinne?

ALBERT: 't Wie in rottiid.

FRANÇOIS: Fertel my wat.

ALBERT: No eh... 't is nochal in lang ferhaal...

FRANÇOIS: Nee... 't is mar in útdrukking: "fertel my wat"... dat betsjut gewoan: ik ha 't selde meimakke. Hiest dy útdrukking noch

noait heard?

ALBERT: Ik leau 't net nee. Mar ik gean ek net sa faak út te iten...  
(*sjocht om him hinne*) Hasto hjir al 'es earder west?

FRANÇOIS: Yn dit restaurant? Ien kear. Doe sieten we boppe. In grutter restaurant. Net goedkeap hjir. Mar ja, wat woll' je. Hiel wat prizen yn 'e wacht sleept, in machtich soad, sis mar.

ALBERT: Nee, machtich iten ferdraach ik net, en in machtich soad ek net. Jou my mar gewoane, ienfâldige kost... En gjin organen!... Gjin longen, gjin nierkes, gjin lever... o nee, hâld op!

FRANÇOIS: Hielendal gjin fleis?

ALBERT: Hiel inkeld 'es... allinne mar fleis dat gjin lichemsfunksje hat.

FRANÇOIS: No, dat is dúdlik.

ALBERT: (*sjocht om him hinne*) Witst wat my opfalt? Gjin obers.

FRANÇOIS: Is my ek opfallen. 't Wurdt in hiel **yntym** dineetsje, tink ik.

ALBERT: Moat hast wol. 't Hat allegear wat geheimsinnichs, fynst ek net?

FRANÇOIS: Hoe bedoelst?

ALBERT: No... geheimsinnich. Dizenich. Undúdlik. Riedselachtich. Mistich.

FRANÇOIS: Wat bedoelst no krekt?

ALBERT: (*sjocht him ferheard oan*) Krekt wat ik sis. Mar mear wurden kin ik der net foar betinke.

FRANÇOIS: Net te definiearjen, bedoelst.

ALBERT: Dy wie 'k fergetten "net te definiearjen".

FRANÇOIS: Miskien is 't mei opset sin... mysterieus, bedoel ik.

ALBERT: "Mysterieus", da 's ek in goeie. Mar wêrom, dan?

FRANÇOIS: In surprise-party, miskien?

ALBERT: Wêrom soe er **my** no útnoegje foar in surprise-party. Hoe kin hy no witte oft ik syn freonen ken? Kensto se?

FRANÇOIS: Sjoen it feit dat ik net wit wa't der allegear komme, kin ik ek net witte oft ik se kenne kin.

ALBERT: Miskien binne wy by fersín op 'e list kommen.

FRANÇOIS: Welnee. Hy is in fierste goeie advokaat om sa'n stomme flater te meitsjen.

ALBERT: Wa wit idder better yn rjochtssaken as yn dineetsjes. (*de grutte doar giet iepen en in man sjocht nei binnen. It is André Bouville. In oantreklike man, yn in strak griis pak, moaie oerstrûper, moaie strik*)

ANDRÉ: Sorry dat ik steur, mar is dit it feestje fan Paul Gerard?

FRANÇOIS: Is wol de bedoeling. De oaren sill' sa wol komme.



ANDRÉ: Bin ik de earste?

ALBERT: Nee, dat binne wy. *(se steane ticht byelkoar)*

ANDRÉ: O, binn' jim ek gasten?... Nim my net... ik tocht dat jim  
obers...

FRANÇOIS: Obers? Dy't stean' te sjampanjedrinken? *(glimket)* Ik  
tócht it net.

ANDRÉ: O jee!... Smoking? Dat wist ik net.

FRANÇOIS: O nee? 't Stiet oars wol op 'e útnoeging.

ALBERT: *(tsjin François)* Nee hear, dêr stiet hielendal neat oer. Mar  
it wie sa'n feestlike kaart, mei dy strik fan blauwe linten. Ik gie der  
gewoan fan út...

FRANÇOIS: Ik gie der ek gewoan fan út.

ANDRÉ: At der net by stiet "yn it lang", dan betsjut dat **gjin** smoking.  
*(François en Albert sjogge mekoar oan)*

FRANÇOIS: Ha we noch oan tiid om nei hûs te gean en ús om te  
klaaien?

ALBERT: Ik ha dit pak hierd. Dat moat moarnier betiid werom wêze.

FRANÇOIS: Is dat in probleem dan?

ALBERT: No, ik ha de skuon ek hierd... ja, it oerhimd is wol fan  
mysels hear... en it strikje is fan ús heit. No is ús heit it probleem  
net fansels, mar...

FRANÇOIS: In oare kear graach... *(giet nei André)* Ik bin François  
Pichon.

ANDRÉ: André Bouville. *(jouwe mekoar de hân)*

ALBERT: Albert Donay. *(jouwe mekoar de hân, Albert lûkt mei pynlik  
gesicht syn hân werom)*

ANDRÉ: Sorry.

ALBERT: Jout neat. Gewoan in eh... strik-ferstûking. *(hâldt finger by  
de nekke)*

FRANÇOIS: Miskien kin**sto** ús útlizze hoe't it sit, Bouville.

ANDRÉ: Hoe't wat sit?

FRANÇOIS: Wat de oanlieding is ta dit diner.

ANDRÉ: Ik wist net dat it in diner wie.

FRANÇOIS: Hasto gjin útnoeging hân dan?

ANDRÉ: Nee, ik wie op reis; foar saken. Myn kantoar stjoerde my in  
faks, dat ik hjir hjoed, de 17<sup>de</sup>, om acht oere jûns wêze moast. Yn  
de privee ytseal. Op útnoeging fan Paul Gerard.

ALBERT: En by "ytseal" tinksto net oan iten?

ANDRÉ: Ik kin net mear tinke. Ik ha de lêste dagen oars net dien as  
fergaderje... Is der noch sjampanje?

ALBERT: Sjampanje? Ja wisal. Ik skink wol even yn. *(giet nei de tafel  
mei drank en glêzen)*

FRANÇOIS: Wat hasto by d' ein, as ik freegje mei?

ANDRÉ: Hearemoade. Ik ha rûnom boutiques, yn 't hiele lân. En jim?

FRANÇOIS: Antikwarise boekhannel. En hy...

ALBERT: Autobrânzje. (*jout him it glês*) Ferhier... **En** ik skilderje...

ANDRÉ: Merci. (*nipt*) Net kâld mear. Binne der gjin obers?

FRANÇOIS: Nee, ik tink dat we ús jûn sels rêde moatte.

ANDRÉ: Gjin obers? Yn dit lúkse ding? Dat bestiet net.

FRANÇOIS: We ha it fermoeden dat Paul wat gekk fan doel is.

ANDRÉ: Wat gekk?

ALBERT: Wat ûndúdliks. Wat dizenichs. Net te definiearjen.

ANDRÉ: Wat bedoelst yn fredesnamme?

FRANÇOIS: Dat is net sa maklik út te lizzen. Wat wazichs,... wat obskuers,... wat ûngryppers.

ALBERT: (*tsjin François*) Hiel goed! Dy trije hiene we noch net.

ANDRÉ: 't Is my in riedsel wêr't jim it oer ha.

FRANÇOIS: Ik ha in fraach André: Bisto troud?

ANDRÉ: Nee.

FRANÇOIS: Ek noait west?

ANDRÉ: Ien kear. In pear jier lyn.

FRANÇOIS: As ik dy no fertel dat Albert en ik beide **skieden** binne, soest dêr raar fan opsjen?

ANDRÉ: Absolút net.

FRANÇOIS: Hoesa net?

ANDRÉ: Omdat froulju in útnoeging folle sekuerder lêze... en jim dus ferteld hiene dat jim net yn smoking hoechden te ferskinen.

ALBERT: Dêr sit wat yn.

FRANÇOIS: Paul Gerard hat foar Albert en my de echtskieding regele. Mei ik oannimme dat er dat ek foar dy dien hat?

ANDRÉ: Wat in yntelliginte konklúzje!

FRANÇOIS: (*wiist op de yttafel*) 't Is dúdlik dat we aanst mei ús seizen binnen, mar de earste trije gasten binn' skieden manlju dy't elkoar noch noait sjoen ha. Fynst dat net frjemd?

ANDRÉ: No nee, earlik sein net. Ik ha wol faker nei in diner west dêr't ik praktys gjin mins koe.

ALBERT: Dêr sik **ek** wat yn.

FRANÇOIS: Wiene dat allegear manlju? Allegear **skieden** manlju?

ANDRÉ: (*begjint him te ergerjen*) Ik koe sjen dat der manlju by wiene, ik koe sjen dat der froulje by wiene; mar oft se skieden wiene wie der net oan te sjen.

ALBERT: Kamen de manlju as earsten? En wiene der ek gjin obers?

ANDRÉ: Jawol, der wiene wol obers. Gjin idee wa't der it earst wiene. Der wiene ek troude stellen by. 't Spyt my, mar ik ha gjin notulen

makke destiids.

FRANÇOIS: Aha!! Mar wy ha gjin obers, gjin froulju en gjin troude stellen.

ANDRÉ: (*wrantelich*) It is godsamme amper fiif minuten oer achten. Froulju hja mear tiid noadich om har op te tutten as manlju. Froulju komme ek graach wat létter as manlju.

ALBERT: (*tsjin François*) Der sit hieltyd méár yn...

FRANÇOIS: (*tsjin André*) Mar it ferklearret net wêrom't der gjin obers binne.

ANDRÉ: (*raast*) En it ferklearret ek net wêrom't jim beide yn smoking binne, wylst dat hielendal net op 'e kaart stie.

ALBERT: **Dêr** sit echt in hiele prótte yn, François.

FRANÇOIS: Mar we kinn't der toch wól oer iens wêze, dat dit diner eksklusyf foar minsken is, dy't skieden binne tanksij Paul Gerard.

ANDRÉ: Seis minsken? Sis mar rêstich seishûndert minsken. En Paul is tefolle hear om sa'n ûnsmaaklik feestje te organisearjen.

ALBERT: Unsmaaklik? Myn echtskiedingen wiene net ûnsmaaklik. Dy wiene pynlik.

FRANÇOIS: Dy fan my wie wol deeglik ûnsmaaklik. Lit ús trochgean.

ANDRÉ: Ja, gean foaral troch, Pichon. (*sil him wat ynskinke*)

FRANÇOIS: (*tsjin André*) Wa binne dan de oare trije gasten?

ANDRÉ: No, Paul en syn frou fansels - dy't nét skieden binne – en de grutte, ûnbekende nûmer seis.

FRANÇOIS: Mar... ! As Paul no 'es sûnder syn frou komt? Of... as Paul en syn frou no sêls yn skieding lizze?

ANDRÉ: Liket my ûnmooglik.

FRANÇOIS: Wêrom?

ANDRÉ: Juster ha se har 32<sup>ste</sup> troudei fierd.

FRANÇOIS: Okee... mar, hast hjóéd al wat fan har heard of sjoen? Wa wit is 't justerjûn misgien.

ANDRÉ: Dat is... ik kin even net op it wurd komme...

FRANÇOIS: Logys?

ANDRÉ: Nee... Ridikúl! Absolút ridikúl.

ALBERT: Wêrom wachtsje we net gewoan ôf. Dan sjogge we wol wa't der opdaagjen komme.

FRANÇOIS: Prima. Lit ús ûndertusken Paul 'es even ûnder de lûp nimme. Watfoar man is Paul?

ANDRÉ: Sis, fertsjinnesto soms dyn brea as privee-detective op feestjes?

ALBERT: Nee. Hy docht yn antike boeken.

ANDRÉ: Grapke Albert, grapke!... Ast dat net troch hiest dan wit ik it net mear.

FRANÇOIS: Sis André, wat is neffens dy de ynteressantste eigenskip fan Paul Gerard?

ANDRÉ: Dat er net sa krekt is yn it kiezen fan syn gasten.

ALBERT: André, do giest te fier.

ANDRÉ: O nee. Krekt oarsom. Ik soe **folle** fierder gean moatte.

ALBERT: (*tsjin André*) Ik woe allinne mar sizze:... François ferkeart daagliks tusken de grutste literêre geasten fan 'e wrâld en ik fyn datst dyn ekskuses oanbiede moatst.

ANDRÉ: En ik woe allinne mar sizze dat François mei syn drammerich troch-freegjen ferskriklik yrritant is. Mar do hast gelyk Albert, ien dy't safolle âlde boeken ôfstofje mei, heart by de absolute literêre top.

ALBERT: Skandalich! Datst dat sizze doarst! (*keart him ôf*)

FRANÇOIS: Sil ik 'es fertelle wat neffens my de ynterrantste eigenskip fan Paul Gerard is?

ANDRÉ: Do witst ècht net fan ophâlden, hè?

FRANÇOIS: Ik tink... syn gevoelichheid.

ANDRÉ: Dêr seist sawat. (*tsjin Albert*) Hast in sigret foar my?

ALBERT: Ik rook net.

ANDRÉ: Soest wol dwaan moatte.

FRANÇOIS: Omdat er sa gevoelich is, Paul, hat er syn uterste bêst dien om my dy echtskieding út 'e holle te praten.

ANDRÉ: Dramt hy altyd sa troch?

ALBERT: Ik ken him noch mar fiif minuten.

FRANÇOIS: "Bist der wis fan datst dit wolst?", frege Paul. "Hast echt dyn bêst dien om wat fan it houlik te meitsjen?"

ANDRÉ: Soe er ús wol hearre?


FRANÇOIS: En doe tocht ik by mysels: "Wat fantastys fan Paul! In advokaat dy't ree is in grou honorarium sjitte te litten."

ANDRÉ: Soe er soms tinke dat wy der út gien binne?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**